

Liuwe H. Westra
Waaksenserwei 2
8823 SX Lollum
0517-469245
liuwe.westra@mensa.nl

Lollum, 22 jannewaris 2016

Bêste leden fan de Protestantse Gemeenten yn Lollum-Waaksens en Burchwert-Hartwert-Hichtum,

Goed 18 jier lyn, op 30 novimber 1997, bin ik op Earste Advint as jim domeny befestige yn in waarme en freugdefolle tsjinst yn 'e Grifformearde tsjerke te Lollum. Ik haw dêr altyd mei hiele goede gefoelens op weromsjoen, en de datum fan 30 novimber bliuwt foar my spesjaal.

As domeny haw ik yn dizze beide gemeenten in bysûnder weardefolle tiid hân. Moai en mâl kamen foarby, wy hawwe neist elkoar stien en ek wolris foar elkoar oer. Mar altyd wer mocht ik preekje, minsken opsykje, kategisaasje jaan, dope, minsken begeliede yn it proses fan belidenisdwaan, en fansels ek foargean op mominten fan ôfskied. Altyd wie der de mooglikheid om nije ideeën út te pebearjen, en altyd haw ik de romte krige om domeny te wêzen op in manier dy't by my paste. Ik bin dêr út 'e grûn fan myn hert tankber foar.

Sa't jim yn it brief fan 'e tsjerkeried lêze kinne, haw ik besletten om by de klassis ûntheffing fan it amt oan te freegjen. Ik doch dat, omdat ik aansen by myn eardere wurkjouwer yn Utert, de Faculteit Katholieke Theologie, in oanstelling foar heale dagen krije kin. Neffens my is it net ferstannich om te besykjen om dat op 'en nij te kombinearjen mei it wurk yn 'e gemeente. Dat jildt foar mysels, en faaks ek wol foar jim.

Yn achttjin jier is der hiel wat feroare op tsjerklik mêd, en beide gemeenten steane foar myn gefoel op in krúspunt fan wegen. Op sa'n krúspunt wol ik graach dat de gemeente hielendal frij is om in rjochting te kiezen.

Mar ek foar my is achttjin jier in hiel skoft. Yn dy tiid haw ik altyd wol op ien of oare manier myn leafhawwerijen op wittenskiplik mêd útwierje kinnen: in lêzing, in artikel, in kongres - der wie altyd wol romte foar. Mar fan it iene komt it oare, en no is it dan safier dat in téologyske fakulteit foar in grutter part fan 'e tiid fan myn ynset gebrûk meitsje wol. Dat binne kânsen, dy komme net sa faak foarby, en dizze kâns wol ik graach oangripe.

Sadwaande, per 1 april fan dit jier freegje ik ûntheffing fan it amt by de klassis, en op 3 april, de sneins nei Peaske, hawwe wy de ôfskiedstsjinst plend. Foar dy tiid hoopje ik noch gewoan myn wurk te dwaan. Wolle jo hiel graach noch in kear persoanlik besite fan my, jou dat dan foaral oan.

En oars sille wy elkoar grif noch gauris treffe. As ik frege wurd foar in preekbeurt, sil ik fuort net nee sizze, en wy bliuwe yn Lollum te wenjen. Aansen bin ik jim domeny net mear - mar mear as it amt is in plak yn 'e mienskip fan bruorren en susters.

Dêrom, mei in oprjochte groetnis en yn Kristus ferbûn,

L.H. Westra